

Lang hier en geitewollen sokken

Hikke en tein yn de jierren sechtich en sântich (yn de haadstêd en yn Harns) siedt de polityk der al hiel betiid yn. Net offisjeel fansels mar wol aktyf; tsjin kearnwapens en diskriminaasje bygelyks. Tsjin ûngelikens en ûngelike behanneling, tsjin oarloch en earmoed. Lang hier en skieppewollen truien sille wy mar sizze. Demonstraasjes tsjin kearnwapens yn DeHaach, en lokale Boycot Outspan (SúdAfrikaanske sinaasappels: Pers geen ZuidAfrikaan uit) aksjes. Bas de Gaay en de PPR (Ik herinner my it affysje: Tegen de stroom in noch hiel goed) soksawat De posters foar myn rûten wiene bij de 2e keamerferkiezings yn maaie 77 (doe't ik krekt op'e Geast wenne) in hiele skok foar it doarp. De opkomst yn Dantumadiel wie bygelyks wol hast 90%

Hawar, dat wie doe De griene en sosjale ambysjes binne perfoarst net ferdwûn. Sy binne nea op'e eftergrûn rekke of fergetten. Want doe't der yn Dantumadiel praat kaam fan gearwurking op links ha ik dy kâns mei beide hânnen oangrypt. Soe der dan einliks in tiid komme foar echt progressive polityk yn dizze gemeente? Mei in oantal enthousiaste minsken binne wy oan 'e



slach en yn petear west. Minsken fan ferskate polityke "bloedgroepen" út ferskate polityke famyljes. Dat wie in moaie tiid, minsken by inoar bringe dy't ek sosjale en griene ambysjes foar dizze prachtige gemeente Dantumadiel hawwe. Want dat is en bliuwt de motivaasje: it fertsjinwurdigjen en tsjinjen fan dy hearlike, moaie, lytse en eigensinnige gemeente Dantumadiel, mei harren hearlike, moaie en eigensinnige bewenners.

Wa: Auke Sikma, Sociaal Links, 69 jaar

Wurk: pensionado, eartiids yn it ûnderwiis wurke

Wenplak: Rinsumageast

Wat jo net fan my ferwachtsje:

al jierren bijker (imker) mei grutte leafde foar it bioferskaat.